



# Lean nei wirken, of De skatkiste mei geheimenissen : oarspronkelik blyspil mei sang in ien bedriuw

<https://hdl.handle.net/1874/231505>

# LEAN NEI WIRKEN


OF

De skatkiste mei Geheimenissen.

Oarspronkelik Blyspil mei sang ïn ien bedriuw,

TROCH

WATSE WATSES,  
do't er yet feint wie.



HEARENFEAN,  
J. H E P K E M A.  
1879.



16, XI. 22<sup>4</sup>

# LEAN NEI WIRKEN

OF

De skatkiste mei Geheimenissen.

Oarspronkelik Blyspil mei sang ïn ien bedriuw,

TROCH

WATSE WATSES,  
do't er yet feint wie.



HEARRENFEAN,  
J. H E P K E M A.  
1879.

## PERSONEN.

---

ONNO TJERK VAN WATEREN, âld-sékaptein, rintenier.

JAN, sin trouwe feint.

SIMEN SIMENSMA, in 'e wand'ling neamd „Ozoofein”  
sin Omkesidzer.

BOKKE GROUWERGEA, in 'e wand'ling neamd „Bolle-  
bein” sin Omkesidzer.

Baron HABENIKS VAN NULLENDREIN, sin skinfriünd.

RUERD TEAKES, arbeider, sin boarman.

ESCOLAPIUS, sin Dokter.

---

It toaniel is in deftige keamer en hat lik as al-  
les hwet me er siocht in âlderwetsk oansiean. 't Ien  
sawol as 't oar seit ús dñdlik, dat er in âld séman  
wennet, dy 'ter thige waerm in sit.

## 1e TOANIEL.

JAN, *allinne.*

De âldbaes in bitsje fen 'e wise . . . As min der waerm in sit, den hat me oan treasters gjin brek, 't minsten net, as er ienkear hwet to heljen is. „Hebt uwe naasten lief als u zelven”, ja, 't is wier ek, dêrom licht wol safolle treast en meilyen. Mar hwa binne egentlik wol ûs neisten? „Alle minskien bin' ûs broarren” en gjin jild, gjin eare en gjin oansiean, ha dêr mei to meitsjen — né, vrijheid, gelijkheid en broederschap, dy gouden spreuk is fen de 19e ieuwen wy witte allegearre: Arbeid adelt! Dat is ûs op 'e skoalle as bern al inprinte. Jawol, moai en goed, in theorie sa 't heart, mar as min älder wirdt, in 'e praktiek in skriele treast foar de wirkman tsjinoer de lândbesitter, foar de earme tsjinoer de rike, foar de litsen tsjinoer de greaten. Och, Onno Tjerk van Wateren, min bêste hear en master, jy witte gelokkich ek wol better en litte jo gjin rôd foar eagen draeye fen geloksikers, dy 't hjir om jo hinne streakje en flaeye, en nei 't ik hoapje, wol bekaeid weikomme scille. (*hy loert troch it finster.*)

Mar sioch:

Hwet fromme preker komt dêr oan?

't Is Oze-booze-o-zoo-fein!

Dat praet saei, dat siocht taei, dat eamelt en  
dat seamelt, dat kliemt en dat skriemt, dat paeit  
en dat flaeit, al nei 't it bêst útkomt . . . .

Is 't Salomo, de man fen wisheid en forstând?

*Siongende* { O, nein, o, nein, o, nein, o, nein! } *Twa-*  
{ 't Is Oze-booze-o-zoo-fein! } *kear.*

(*Sprekkende:*) 't Is in fôlle healbroar fen Isle-  
grislegrim, bynaemd: de wolf in schapen-  
vacht.

## 2e TOANIEL.

JAN en SIMEN.

SIMEN (*thige flanterich.*)

Ho is 't hjir Jan?

JAN (*froalik.*)

Wel, ho scoe 't hjir wêse, krekt lik as altiden:  
Brakel en Smytegeld lidze yet rêtstich en wol op 'e  
souder nêst Yntsje Jans en oare profeten.

SIMEN.

Jonge, jonge, sok praet! De jeugd fen us tid  
hat oeral de gek mei. „IJdelheid der IJdel-  
heden, het is al IJdelheid! Ik frege ho 't  
mei Omke is?

JAN.

Mei Omke, dy leit to siongen op bêd, sa'n skik  
hat er yet in 't libben. De man hat in fry gewisse  
en dy dat hat mei wol froalik wêse, al leit er siik  
op bêd.

SIMEN (*skodhollet.*)

Fy, fy! hwennear scil der foar dy yet ris in liocht  
op gean?

JAN.

Sa daelk Simen, as 't wol giet. Ik scil de lampe  
mar opstekke. (*Hy docht dit en seit ûnderwilen:*)  
Jy binne ek bang foar de tsiusternisse net? Nou  
foar sokke liu as jimme, dy 't safolle mei tsjoende-  
rye en spoekerye to dwaen hawwe, is dat wol in  
to skikkken. 't Spant er om rëstich to sliepen en  
froalik to wesen as min jimmer mei kweageasten  
hat to kampen.

SIMEN.

Ik scil dy net tsjinfalle min bêste jonge, ik wit  
mar al to goed, dou wiste net better en mei de  
jierren . . . .

JAN.

Scil 't forstând wol komme woен' jy sidze, mar  
dat is mis man, ho âlder ho gekker, sawol in 't

geloaf, as in de lieafde foar frouliu en foar jild.  
Hwet sids jy, is dat nou nog jongespraet?

SIMEN (*skodhollet.*)

Is Omke wakende?

JAN.

Dat kin jy siker den doch wol begripe Simen!  
Ho scoe der oars it „Sémansliet” sionge of miene  
jy dat dat giet mei d'eagen ticht, lik as únder  
jimme kudde as de mûle hwet wid iepen mat? Né  
né, hou hwet! alles giet hjir in behoarlikheid.

SIMEN.

Ik mat dy sidze jonkje, dat din spotternye  
net betamelik mear is. Der leit in djippe óf-  
gründ foar dy. Komste net ringen ta inkear, den  
freas ik, datste red'leas forlern biste. Fy, fy, sa'n  
boaze wrâld!

JAN.

Ei, de wrâld is goed Simen, mar de minsken  
dy doge net sids; dêr binne mar fiersten to folle  
under, dy 't giet as bedoarne ayen, hia driuwe mei  
droege plassen, en dat allinne troch har fûle kon-  
sjensje.

SIMEN.

Ik scil mar swye Jan. Oer 't geloaf scille wy

't forearst doch net lik praete. Ik woe wol efkes by Omke sian en de âld man in lits presintsje bringe. Leit er yet in 'e sliepkeamer?

JAN.

Dêr leit er Simen, dat kin jy hearre, hwenthy siongt ommers sei 'k, mar meitsje him nou asjebbieft mar net fen 'e wise, of jy moasten jerne hawwe wolle, dat er for goed fen 'e streek rekke.  
(SIMEN giet skodholjende ôf.)

JAN, allinne.

Dat is my ien, sa 't se er hielkomselden rinne. Min kin mar lik foar hwet tsjin him sidze, dêr is gjin tonkje út to kryen. Ik scoe him nearne better by forgelikje kenne, as by in greate swiete appell!  
't Is alles swiet hwet er oan de man sit, mar leauw likwol, dat er der under de skil fry hwet rottich útsiocht. O, ik ken him sa troch en de wertroch. Tink mar net, dat er sa goed en sa gek is as er wol liket! Nou docht er sa mei ien in lâd gebed foar Omke, dat in foech healûre dûrret, as er sin sin kriget en ho stif as er de eagen den ek taknipe mei, Omke sin brândkiste, dy komt him net út it visier, né, dy jowt him egentlik de kreft om 't sa lang fôl to hâlden.

De man hjit den ek wedergeboren, nei 't er bankrot slein hat en sind dy tid libbet er fleurich

en wol, lik as me dat hioeddeis mear siocht, fen dy nywoskene liu, as se bygeliks 10 of 20% utbettele ha, en sa bûten skot reitsje, om as greate banjers mei in oarmans fearren to pronkjen.

(*JAN harket, om 't er immen de gong lâns kommen heart en loert efkes troch de doar.*)

Kom oan, dat treft, dêr komt siker wol aerdich selskip foar jo oan Simen!

Hwa as dy tsiokke setter wêse mei?

't Is okke-bokke-bolle-bein!

Dat siocht rou, dat praet skou, dat wraggelt en dat sjaggelt, dat bromt en dat gromt, dat rochelt en dat kochelt, al nei 't de klok wist . . .

Is 't Anak ek? De man fen sterkte en lichemskreft?

*Siongende.* { O nein, o nein, o nein, o nein! } *Twa-*  
 { 't Is okke-bokke-bolle-bein. } *kear.*

't Is in kalfbroar fen Domme-lomme-grommel-prom, folbloed Skiedammer, byneamd: het wandelend jenevervat!

### 3e TOANIEL.

*JAN en BOKKE. (In dikke setter mei 'n slok op.)*

*JAN.*

So Bokke, ha we jo dêr ek ris!

*BOKKE.*

Ja jonge! mar 't spant er donders om hjir . .

JAN.

Dat wol 'k leauwe, as me sa swier laden is . . .

BOKKE.

Ho mienst dat?

JAN (*froalik.*)

Wel, ho scoe 'k dat miene. In leech skip sciet maklik foarût en hirder as ien dat de fôlle lêst in hat. Ik ha froeger fearn fen Skiedam op Maestricht, mat je witte.

BOKKE.

O, just, ja, mar ik miende, ik woe sidze, it spant er donders om hjir mei „droege eagen” to kommen.

JAN.

Dat wol 'k daelk leauwe, oars scoene jy to minsten in útsondering meitsje op 'e gewoane gong fen saken. (*fen siden:*) Hy slacht deisk mear as in flesfol nei binnen.

BOKKE.

Dou woste ek alles leauwe ford . . . en mar gjin reden forstean; fen Omke komt min gjin wird to hearren en dêrom bin ik hjir komt.

JAN.

Omke! dy leit to siongen op bêd . . . né, hou

hwet, né doch net . . . hy scil nou de swiete  
rêst wol ha, hwent Simen is grif al in toarntsje  
oan 't bidden en jy witte as dy liu dêr mei goed  
to set binne, den wol 't wol sliepe.

BOKKE (*nysgierch.*)

Is Simen hjir ek al wer?  
Dêr is fêst yet neat skreauwn wol?

JAN (*ûnnoasel.*)

Skreauwn? Ho ha 'k it nou? Jy fregen my sa pas  
ho mienst dat, mar nou mei ik jo ek wol freechje,  
ho mienje dat?

BOKKE (*gewichtich.*)

Of notaris hjir ek west is?

JAN (*allike dom.*)

Notaris, notaris, hwet leit Omke oan notaris gelegen;  
dy hat neat mei him to meitsjen, hy kin  
ut sin egen fearren wol fleane en hjir is al oanrin  
genoach.

BOKKE.

Ja, ja, mar jonge nou fetsje ik earsten datste  
net riucht op 'e hichte biste fen de saken.

JAN.

Thige skoan Bokke! de saek stiet sa, as jou en

jou kammeraeten Simen Ozoofein en monsjeu Habeniks van Nullendrein it skikke koenen dat Omke foar goed ôfreisge, den leauw 'k net, dat er lang tid fen berie krigé.

## BOKKE.

O, Jan! ho doarste dy warden útsprekke. Ik ha siker hert foar de áld man. En wise min dieden dat net út? Nim ik net altid thige hwet mei as ik hjir kom? Sa ha 'k hjir al wer in fiks stik ljurre in 'e doek, hwent ik sids dêr mat mar hwet in om wer op 'e proppen to kommen.

## JAN.

Is 't meiskien fen jou áld hinser? Dêr ha jy ommers de rikstikken útsnein, foar 't er de dobbe ingien is.

## BOKKE.

Dy diveker né, Jan! dat scoe to fier gean, né, dy kinne de Amsterdammers by wolwesen troch de kiel skouwe. — Né, dit is fen de bêste kjelleljirre, dy kostet my it pûnd wol álve stûren.

## JAN.

Ik nim dy dingen sa nau net, hwent as wier 't bygeliks ljurre fen in stikelbaerch, ik leauw dat de measten dêr net folle fen priuwe scoeden, as hia it net wisten.

## BOKKE.

Dat haste goed, mar om fen 'tien in 't oar to  
praeten, ik wit dou haste it thige by de âld baes  
stean, dou kinste mei him lêse en skriuwe, jonge,  
scoeste net ris in goed wird foar my dwaen wolle,  
as 't safier ris komt . . .

## JAN.

Ja Bokke, jou ha bynei de selde tekst fen fine  
Simen lêstdeisk; dy eamelt ek jimmer, as 't safier  
ris komt Jan en den . . . en den . . . en den . . .  
den hat er hwet swiete appels om omke hwet op  
to kwikken. My tocht jou moasten earst sels mar  
ris mei jou ljirre op 'e âld baes los en sioch ris  
as jy gjin bit krye kinne.

## BOKKE.

't Liket my biustere freamd ta mat ik sidze,  
datste din egen belangen net better begripste. Dou  
witste doch, ik bin rûnd fen aerd en wol gjin  
tsjinsten sonder beljeanning. Né jonkje, dou witste  
net ho goed as ik it mei dy foar ha.

## JAN.

Allegearre goed en wol Bokke, mar min aerd  
is sa dat ik oeral en altid fry praet ha wol, ik  
kin slim swye en ha in bulte nocth oan 'e gekheid,  
nou mat ik in fry gewisse hâlde, trou en earlik bliuwe

en riucht troch sé gean. Sioch jy, den kin dat ,  
mar oars . . . Wy sprekke elkoarren wol neyer,  
gean jy earst mar 'ris nei de áld man ta en harkje  
'ris hwet dy seit. (BOKKE *giet.*)

## JAN.

Binnen Bokke , ik freas jy scille wol to let op  
't rik komme. En bütten dat , fine Simen scoe jy  
doch yet fiersten to tuk óf wêse. Stumpers , as jimme  
binne. Jimme tinke immen maklik in rēd foar  
eagen draeye to kinnen , mar by 't einsluten steane  
jimme licht sels in 'e tsiokke mist. Sa giet it mear:  
in oar in 't unleech fiere wolle en sels er in reitsje.  
Hwa falsk spil spilet , komt meastal bekaeid wei.  
Hwa op forkearde paden giet , hat de divel ta friûnd ,  
en dy bringt sin folkjen krekt hwer 't wêse mat.  
Dêrom hâld ik altid nog safolle fen 'e divel , al ho  
freaslik as er ús ófskildere wirdt fen sin neibesteanden  
sa as Simen. (*hy harket efkes as foaren.*) As me  
oer de dîvel praet , dan lit er trochstrings net op  
him wachtsje , lik as sumlike greate liu mei bulten  
jild en bitsjes forstân , né , mar dêrfor is er den ek  
earm mar gau en snoad. — Sa wie 't hjir ek.  
Hwent ik prætte oer sin neibesteanden en sioch  
Hwet deftich hearskip kaem dêroan ?

't Wie Ulle-sulle-nullen-drein !

Hwet kein en hwet fein , dat swaeit en dat draeit ,  
dat siocht en dat pocht , dat stapt en dat snapt ,  
sa faek as er mar minsken siocht.

Is 't Rotskild ek de jildkening fen 'e wrâld?  
*Siongende* } O, nein, o, nein, o, nein, o, nein! } *Twa-*  
} 't Is Ulle-sulle-nullen-drein. } *kear.*

In fôlle neef fen Okle-pokle-pierlaplume, earm as  
 Job, byneamd de „vergulden bedelaar!”

#### 4e TOANIEL.

JAN en Baron HABENIKS.

HABENIKS.

Is er ook belet Jan?

JAN.

Belet? Belet? ho divel nou? Hy mat doch earst  
 dea wêse of woен' je him foarôf mar beliede.

HABENIKS.

Och, jongen! wat maal jij met je vervloekte ape-  
 taal. Je kwaakt als 'n kikker, die niet weet, waar  
 'i nachtkwartier zal zoeke.

JAN.

Och, min lieave minhear, jy mochten siker wol  
 winskje dat jy in kikkert wieren, dan koen' jy to  
 minsten it winterhealjier foarby fen item en dat scoe  
 in hiele útwinder wêse.

HABENIKS.

An wijsprate mankeert het je niet, maar à pro-

pos! hoe gaat het met mijnheer de kapitein, wat beter hoop ik?

JAN.

Né alhiel net, 't giet hioed swietwei efterút.

HABENIKS.

Zoo, zoo, je doet me waarlijk schrikke!

JAN.

Dat is siker gjin wonder minhear!

HABENIKS.

Is zijn toestand zoo zorgvol?

JAN.

Och, ja. — Tink ris ta minhear: earst fine Simen to bidden, do groue Bokke to swarren en nou jo to bearen. 't Kin al net folle slimmer tinkt my. Dat sit oer de áldbaes gear mei'enoar, lik as de skierkerts by 't winter oer in dea skiep. 'k Leauw net dat jy dat fetsje, ik bedoelde (*hy siongt en maakt de beweging fen jildtellen.*)

't Is om zie dit, 't is om zie dat . . . . .  
sa sionge se in 't Hollândsk, ha 'k wol ris heart,  
as se in sike omke treaste, dy 't thîge hwet neilitte  
scil . . . . .

## HABENIKS.

Zou je dan waarachtig denke, dat ik als man van adellijke afkomst, met zulke onedele bedoelingen 'n oprecht vriend op z'n sterfbed zou kunnen nadere?

## JAN.

Adelik bloed is yet net eal, minhear!

## HABENIKS.

Ik zou durve zweere . . . . .

## JAN.

Dat it allegearre innige dielnimming is dy 't jo driuwt, o, ja, dat doare Simen en Bokke ek sa faek as jy dat wolle, mar mei al dat swarren fen lieafde en belangstelling in omkes lot, kin 't nog bêst ris barre, dat jimme elkoar strakjes yet ris by 't hier krye, ek ut lieafde foar . . . jy fetsje my wol. 't Liket freamd, mar wier is 't, dêr scoe 'k min kop op jaen wolle. Hwet ha jimme hjir al den dei to meitsjen?

## HABENIKS.

Mag 'n dienstbare, die van z'n heer en meester zooveel weldade geniet, op zulk 'n toon spreke tege diens trouwste vriende. Ik ben met het lot van m'n vriend zeer bewoge en zal het steeds met dade blijve

toone, (*hy lit in pear oranjeappels sian*) dat mijn gevoelvolle woerde geen ijdele klanke zijn.

JAN (*wilst Habeniks hinne giet nei binnen.*)

As me it net better wiste, den scoe me sok praet hast leauwe matte. Och, och, dy earmoede in 't lekken, dy beskriuwt hwet, hia is tsienkear erger as dy in 't pilo.

HABENIKS (*al by de doar draeit  
him om.*)

Heb je het nog tege mij misschien?

JAN.

Ja ek al. Ik forhelle dy liu hjir: do 'k sa 'n litse boi wie, do ha 'k ris in jonge mosk hâwn dy stearre woe, mar do ha 'k him it bekjen sa fôl proppe, dat er gjin siken mear krye koe. Nou is de âld man wol gjin jonge mosk, sa wis is elk wol, mar nimmen is ek sa dom of hy fettet min sidzen wol.

HABENIKS.

Ik zou je anraaie, wat meer bescheidenheid aan den dag te legge! Je praatjes hebben al bitter weinig te beduije . . . . . Ik zal er volstrekt geen notitie meer van neme . . . . . (*Hy giet.*)

JAN, *allinne.*

Och, dy ūngelokkige stumper, dy earme baron Habeniks van Nullendrein, hwet is 't hird om swye to matten, as me sa jerne ūtfarre scoe: hwentink er om, dat ik him in 'e macht ha! As er koe, scoe er my ringen lits man meitsje en woe 'k him to búk stean, sadat er komme koe, hwer 't er sa jerne wêse wol, den scoe er my mei de himmel betelje wolle. Yetris, earme Nullendrein, oer alle hinzers biste hinnetilt, tsjin alle bergen ha se dy opkroade, fen alle mearken biste thûs komt, en fen al din sibben biste forstjitten. Hwerom? Omdatste din hiele libben troch dy sels forjitten en mar bouwt haste op din hege namme en komôf. Hwer scoeste oars ek op romje kinne? Ik sids as de liu fen sa'n komôf gjin goed plak krye in e maetskippy, den is 't egen skild!!!

Dat fliucht om Omke ta en oan,  
Elts sprekt fen lieafde en helpbetoan,  
Elts skriemt en kliemt om Omkes wea,  
En winsket: Och, wie Omke dea!

't Is om zie dit,  
't Is om zie dat,  
't Is om, je weet wel waarom en om wat!

'k Seag lëst in rike dame gean,  
In mislik spoek in moaye klean;  
En doch yet hearkes efteroan,  
Elts spriek fen licafde en bea har oan!

Refrein as foaren.

In Ezel komt ïn 't heech bestiär,  
 Kryt pleats aan 't hiele greate roer  
 Om 't skip fen steat sin koers to jaen,  
 »Hoe kwam een ezel daar te staan"?  
 't Was door zie dit, enz.

In frek al fry hwet grîs en ald,  
 Dy stoe allinne ïn 'e wrâld;  
 Sin tsjinstfaem yet gjin tweintich jier,  
 Dy swarde him ïwge trou sa wier.  
 't Was om zie dit, enz.

Nou ha se hjir hioed en jister den doch fêst wol  
 oer de tweintich porsjes iten brocht foar de âld  
 man. 't Is oars al freamd net, ho siker as de liu  
 binne en ho better as hia it betelje kinne, ho mear  
 iten as er to heap tâge wirdt. Hwent earme Ruerd  
 sîn wif Sioukje bygeliks hjir nêst, dat sloaf hat  
 nou al sind jier en dei omsukkele en 't is er alle  
 gearre earmoed en elende hwet er ûthinget, mar  
 folle fen dy meilyige treasters dy 't hjir it hûs  
 foltôgje, komt men dêr to hearren of to siean.

### 5e TOANIEL.

Dr. ESCULAPIUS, (*in gütich manneke,  
 hiel los klaeid.*)

JAN.

Blid, dat jy komme dokter. Dy thrye mannen  
 ten jister luke al wer om it langste ein. Jy moas-

ten se mar hast 'ris foar goed ôfbalje. 't Hat nou langernoach dûrre. Hia mochten it oars ek ris in 'e rekken krye, dat se in 'e fûke rinne.

## DOKTER.

't Lacht mij toe, dat moet ik zegge, maar is 't mogelijk, dat ik geheel buite spel blijf?

## JAN.

Ik stean foar alles en de âld baes, dat wit ik, dy scil jo net to licht falle. 't Is alhiel sîn egen âstsel. As studinten ha jimmie fêst safolle fiten wol âttocht, dat jo ek us de wei wol wîse kinne, om thrye skarlûnen in 't net rinne to litten.

## DOKTER.

O ja, Jan, dat is niemandal, om ze er in te late loope; we zijn al een heel eindje op weg; als ik zoo meteen zeg, dat de toestand van den patient zorgvol begint te worde, dan gaat het lieve leventje los. Als 't maar niet te ver loopt!

## JAN.

To fier, to fier dokter, 't kin nea to fier! Dy snaken matte lean nei wirken ha. Hia scoene de âld man wol forskuôrre wolle, om mei de fearren wit hwer to fleanen. Dy fine Simen preket mar fen barmhartigheid en genade en den skriemt

er mar, dat Omke sa dwaes wêse kin om sokke idele minsken as dy Bokke en dy Habeniks by him to dildsjen; ho sin neilittenskip it kwea fen 'e wrâld yet ris foartsterkje scil as sokke gewone minsken as hia der de fingers efter krye. Siker dokter it is net om út to stean.

## DOKTER.

Als het alleen Ozoofein was, die saaie zemel-preker met zijn uitgestreke gezicht, dan zou ik er zelfs recht schik in hebbe, om hem eens voor al-tijd af te exerceere...

## JAN.

Dy mesjeu Habeniks is neat better Dokter! Koartlin ha'k foar min egen eagen sioen, dat er aan d'âldbaes sin brândkiste siet to pluesjen, fen sels om út „innige dielnimming” mei de bêste aep er op ôf to gean. Hy swart by adel, titels en wapens en lit it oeral hearre, ho 't sin foarâlders mei 't swird in 'e hând fochten ha foar fryheid en gods-tsjinst, dêrfoar matte wy har tankber wêse, seit er, en om dat net to forjitten, ha hia as ôfstamme-lingen fen dy fiere mannen dy krûssen en wapens as underskieding krike. Den wit er de âldbaes mei kleuren út to lidzen ho disse troch sin neilittenskip oan him allinne to formeitsjen in romrik foargeslacht wer op 'e throane helpe kin.

DOKTER.

Dat is toch waarachtig nog niet zoo gek gedacht; adel zonder geld beteekent niets, zoo wijs zijn de schooljongens ook al in onze tijd. Maar Bokke die schijnt dan toch iets beter te zijn.

JAN.

Och, minhear, hwet scil 'k sidze; Bokke is Bokke,  
al hofolle forstân as er ek mient to hawwen, hy is  
sa wekker net as sin genamt.

DOKTER

Zijn genamt, genamt, wie is dat?

JAN

Dat is de hoanne dokter, dy neame wy in Frisland  
ek Bokke. De man sin wisheid sit in Skiedam.  
Foar de rest lit ik him bliuwe for 't jinge er is:  
Dit wit ik wol, dat it alle thrye lestige seskippen  
binne en as jy de aldman in recept foarskriuwe  
koene, dat dy thrye mannen foar goed fballe, it  
scoe him mear helpe as jou hiele apteek.

DOKTER,

Heb maar geduld vrouwtje. Ik heb mijn ontwerp verder dan je wel denkt . . . .

JAN.

Dat mei 'k hearre dokter, mar jonge as 't koe,  
 den moosten je ek hwet dwaen foar dy earme stak-  
 kert hjir nêst, dy lik as minhear wit oan alle  
 iggen en einen to koart sciet. Oanständs komt er  
 hjir, hwent wit minhear, ik jou him yet wol ris  
 sa'n dit of in dat. — (D. en J. in 't hinnegean.)

DOKTER.

Wees maar gerust Jan, ik zal maar eens binne  
 kijke. Het lieve klaverblad schijnt maar volstrekt  
 geen haast te make.

JAN.

De iene stiet de oare net en elk foar oar is bi-  
 nauwd, dat er by koarter ein komme scil.

(DOKTER en JAN geane binnen. RUERD  
 komt in sín wirkpakje troch de bûten-  
 doar in 'e hûs mei in deaman of tak-  
 kebosk op 'e rech en in kantskeppe by  
 him.)

6e TOANIEL.

RUERD (*allinne,*)

Dat is doch wer tsien stüren fortsjinne hioed.  
 Hwet bin ik al lokkich as ik sioch nei mîn gelik-  
 kens, dy 't de hiele winter bynei gjin wirk hâwn

hawwe. De liuwe binne my den ek nog al tadien,  
hia witte wol dat ik in swiere hûshâlding ha en  
dat min wif jimmeroan sukkelt. Wy komme sa  
doch fen d'iene dei ta d'oare en as skielk de sim-  
mer wer oankomt, hoapje ik, dat alles wer hwet  
rommer omkomme mei . . . .

### 7e TOANIEL.

JAN en RUERD.

JAN (RUERD *in 'e reden fallende.*)

Jou tinke er yet al goed oer RUERD. „Tevre-  
denheid maakt gelukkig”, ja, dat hat master  
my ek wol leard, mar as ik jou lot hie, den leauw 'k  
al, dat ik my sels fen 't winter 'ris to gast noad'ge  
hie op ien fen Joukeboer sîn drintjes, dy 't hjir  
efter jou hiem rinne.

RUERD.

Den hie ik ek ringen to gast west onder de blau-  
pannen by Groue Durk to Liowerd. Eerlijk duurt  
het langst, dat hat master my ek leard en dêr  
hoapje ik my ek by to hâlden.

JAN.

Ja, dat scil ek wol bêst wêse, mar Obbe slach-  
ter seit, dat er om rîk to wirden efter mat.

## RUERD.

Dy Obbe wit it altid mâl to betinken. Sajust stoe er by de brêgge to roppen oer ús bestiûr. Binne my dat ek riedsliu, sei er, litse Krist is in jabroer, greate Geale past wol op, dat hy en sîn famîlje net to heech oanslein wirde; Wopke Print, dy sit in 'e rie om 't er in wein rïdt lîk as de borgemaster; Jhr. van Waveren, fen sels, dat is in man mei in moaye namme en sa mar foart.

## JAN.

Den hat er fêst ek wer rûsje mei 't wif hâwn.

## RUERD.

Ja stellich, en do begin er tsjin my, hwent dou witste ik kry in krûmke underhâld, dy rike boeren fen 'e streek brûke dy to'n ein, sei er, en wy kinne dy underhâlde, 't roait nearne en nearne net nei. Is my dat ek in hûshâlding! Mines siocht er net moai út, dat wit elts, mar dêr is doch yet „riucht-feardigheid“ hwent ha 'k in stik ûn as 'k thûs kom, den wîst Trin my 't gat fen 'e doar. Ik hie siker hast sorch, dat eksteur him oppakke scoe. 't Rûn my to fier, hear!

## JAN.

Ik mei sokke liu dikerske graech ris hearre en dy Obbe doch, dy wit it brûk mar ek teffens

faek skerp en wier to sidzen. Folle fen jimme liuwe,  
 dy leauwe nou suver alles hwet Domeny en sîn ge-  
 likens sidze en dat is altid moai, mar wol jy wol  
 leauwe Ruerd, dat dy belêsene mannen de spikers  
 ek wol ris mei de koppen ïn 't hout weislaen wolle.  
 Uses sei okkersneins yette, ja jou wieren ek ïn:  
 Wij reizen allen als broeders naar één  
 en hetzelfde vaderland en hofolle fen jou broars  
 koene jy do optelle, sa om ende by jo . . . .

## RUERD.

Och, dêr ha 'k sa krekt net oer neitocht, Jan.

## JAN.

Né just, mar Obbe wol en neitinke man, dat  
 is de boadskip. De theorieën binne faek hiel moai,  
 mar tapast op it deiske libben den roait it faek  
 gjin bít. Dy boekeliu, dy alles sa hiel krekt witte  
 to sidzen, mar faek hiel min witte út to fierer,  
 dy ha 'k wol ris forgelike by Oebele Setter, hwent  
 as dy de striette lâns swabbere mei 't líf fol Skie-  
 dam den rôp er by eltse swaei: Recht door zee!  
 sioch je wol, dat wie de theorie, mar hy koe se  
 net in 'e praktiek bringe. Dat is den doch ek wol  
 dîvelsk, sei er wol faek, as er net fjirder komme  
 koe, dat min sa 'n bûkjen fol jenever net riucht  
 troch sé thûs krye kin. Sa giet it dy learde liu-  
 soms ek mei har nye útfiningen: op 't pompier stiet

alles goed op 'e foatten, doel en útkomst binne der thige moai en as 't spiltsje rinne scil, den giet it lik as mei Oebele, it wol net foarut, likemin as de rin-allinne fen Marum, dêr jy 't fêst ek wol ris fen heard hawwe.

#### RUERD.

Wy ha to min leard Jan, sids ik wol faek. Do 'k jong wie ha 'k in jier of hwet op 'e earmeskoalle west, en dêr giet it trochgeans net mei stoam, ek al troch gebrek oan stienkoal en boppedieu moast ik ek al gau mei oan 'e lodde.

#### JAN.

Dêr is in bulte unriucht in 'e wrâld, Ruerd! Moasten dy earme sielen fen wirkliuwe dy 't mei kloek wêsen troch 'e tîd komme, mei opbringe foar al dy kinstweyen in us gea, hwer 't de greatheid har in al har weelde foarby fleane kin; moasten hia har surfortsjinne cinten, dy 't se sa breanedich binne ek mei opbringe foar de rike mieltîd fen 'e borgemaster en foar de gledde knoopen fen 'e fjildwachters, dy 't er binne foaral ek om har in bethwang to hâlden; moasten de wirkbyen, dy 't de hunich in 'e koer bringe, gjin fry fleanen ha? Hwerom it sinneliocht net fry in al jimme wentsjes skine to litten, de riek troch de skoarstjin en jimme sels troch de iene efterdoar (hwent foardoarren ha

Jimme faek net) gjin fry utwei to jean en sels it sâlt en de sieppe to beleasten, o fy, sids ik faek as ik den dêrby tink, ho 't jimme op mannich doarp yet wachtrinne matte to koste fen egen liocht en fiûr, om to passen op 'e skatten fen oaren, of mei oan 'e brândspuit steld wirde of erger yet allerearst it fiûr ïnstiûrd wirde as 't heitelând ïn gefaer is, to-wile jim' ûtsluten bliuwe fen alle riuchten hwer 't stimmen en kiesen jildt.

## RUERD.

Hwet scil ik sidze, hwent hwet je dêr fortelle dat giet mân forstân to boppe. 't Seil wol wier wêse, dat wy hwet eftersteane, mar och! wy komme der ek al. It lok fen 'e wrâld scil sa ûngelik net fordield wêse as 't wol liket. Dy 't mei in bîtsje tofreden is, is gau gelokkich. En dêrby Jan, as ik alles sa fin trochseach ha 'k wol 'ris tocht, as mannich wîs man, scoe 'k den yet wol lokkich wêse kinne ïn mân stând? Dêr twifelje ik oan en den mat ik sidze, bin 'k er wol ris blyd oer in my sels, dat ik mar dom bleauwn bin en net wit, hwer 't alle einen sa presies fêstsitte.

## JAN.

Dos it giet jo den as de siken, dy 't in ange-neaslike kwael onder 'e lea hawwe, mar der sels net fen of witte en sadwaende yet in flaeue hope op behâld oerhâlde, dy 't har it lyen dragelik makket.

RUERD.

Op sa'n wîse, ja. Us master sei lêst ek sa, do it to praet kaem, dat ik yet al in swiere sile to lûken hie, ja Ruerd, sei er, as jimme gjin gesundheid hawwe den stiet it slim, dat is mar wier, mar lokkich dat dy mar selden untbrekt in jimme stând; oer 't generaël binne jimme sterk en kreftich, brûke net heal safolle medicinen en wirde wol helte âlder as de greateren fen disse ierde, dy midden in 't formeits eltse ure oan 'e forlieding bleat stean en har libben mar al to faek to koart dogge, omdat se al dy weelde net trochstean kinne. Altid in 't folop, siker it liket moayer as 't is. . . .

JAN.

Mar altid in 'e earmoed den?

RUERD.

Dat siocht me selden of nea, as de need op it heechst is, komt er útkomst en faek wol folle eerder. Der binne mear greateren oan sieleed stoarn, as earmen fen honger omkomt, ha 'k wol ris sidzen heart en faek tink ik dêr wol om!

JAN.

Wy praete ris wer mîn goede man. (*Hy giet intwisken nei de kast en hellet dêr ien en oar út foar sîn boarmans.*) Sioch jo wol, hjir ha 'k hwet fen d' âldbaes sîn presintsjes foar jou wifke, hy kin se doch net útswiet — dat is praktiek wîtje... Meitsje

nou mar gau, dat je hjir wei komme, hwent jy  
witte dêr binnen, dêr spoeket it — en nimmen oars  
as de âldbaes wit, dat ik jimme sa nou en den eat  
fen sîn oerfloed takomme lit...

## RUERD.

Ik betankje jimme alle beide dêr foar thige by  
thige.

## JAN.

Dat docht me ek oan goe-friûnden, dy 't jin jild  
liene wolle tsjin 8 à 10 percint, inkel om jy út  
'e need to helpen, mar by ús kin jy mei ienfâldich  
,betankjen" al mear as folstean. (*Ruerd ôf.*)

JAN, *allinne.* (*Hy harket oan 'e doar en giet  
dêrnei wer mids op it toaniel.*)

## JAN.

Dêr komt it treflike klaverblêd siker krekt oan:  
**Geloof**, Adel en Schiedam ho kin 't moayer?  
Scoe 't pleit nou beslist wêse, d'âlde testemintsje?  
Och, och, mocht it 'ris komme sa 't ik it wol  
winske. (*Hy rint wer nei de doar.*) 't Skieden falt  
swier, scoe men wol sidze, sa lang dûrret it. Hwet  
ha hia 't drok! scoe Bokke al ien to pakken ha?  
..... Stil, nou efkes from wêse, (*Hy kryt in  
boek en giet sitten.*) dat docht min wol net, as  
Domeny oan 'e foardoar draeit?

## 8e TOANIEL.

JAN en it KLAVERBLËD.

(Wilst dit lëste aan 't wird is, makket JAN in bëtsje op 'e eftergrând tapaslike grîmatsen of smît er in geklik wirdke mei mank, allinne foar de earen fen 't publiek.)

HABENIKS (*fry hwet lûd, wilst er mei de beide oaren troch de doar komt.*)

. . . ik blijf bewere, dat de maatschappij tegenover ons de grootste verplichtinge heeft. (JAN makket dy forplichtigen dûdlik troch oanslaen en bûgen.) Het huidige geslacht is z'n staatkundige vrijheid en zelfstandigheid grootendeels verschuldigd aan de dapperheid mijner voorvadere. (JAN, troch ûses it fiûr in to stiûren, ja wol!) Die hebbe hun leve immer feil gehad voor 't lieve Vaderland, ja hun bloed zelfs geofferd op het altaar der vrijheid en het is dientengevolge, dat op onze borste nog de eerekruise schittere, bewaard in onze titels en wapens, ter herinnering voor de nakomelingschap, opdat deze zich steeds dankbaar zou betoone ook tegenover de zone van zulk 'n fier en opofferend geslacht (JAN wîst op Habeniks: Knappe „zonen“!!!) Voor geen schatte ter wereld, zou ik m'n adellijke afkomst ooit wille verloochene, hoe groot de kracht van het goud ook moge zijn, de echte adel buigt niet voor geld! (JAN: né, mar

dy krúpt soms foar ginsten fen foarsten en fen ministers!) En hoe ondankbaar zijt gjiliede dan niet met my te verwijte, dat ik hier gunste zou kome afbedele van 'n oud zeeman, dien ik om z'n dapere dade en rijke levenservaringe zoo hoog respekteer, met wien ik sympathiseer en als oprecht vriend m'n innige deelneming kom betuige in zijn lijde, waaraan ik zelfs behoeftte heb. (JAN: ja, dat „behoefte" is in wier wird, hwent hy is fen alle mearken thús komt: *gewogen maar te licht beronden!*)

#### SIMEN.

Ik sids minhear, (Jan, minhear!) dat wy ús nedrich betoane matte **in** foar- en tsjinspoed; wy meye ús net forheffe noch op ús voorvaders, noch op ús zelvers, wy binne van nature zwak en geneigd ta 't kweade. (JAN, *dy intwisken in droevich útsiean hâuen hat*: hy hat bankrot slein! begrepen?); hwet wy binne, dat binne wy net troch ús eigen zelvers (JAN: moaye treast foar sokke liu!) De Heare hat ús voorvaders fry makke en forlost fen freamde oerhearskers, omdat „de waarheid" har sa dierbaar wie, mar dat forgitte de kinderen der wereld **in** har heechmoed. Blîn foar eigen gebreken, oanbiddehia it gouden keal, het slijk der aarde (JAN: dy 't measte slîk hat is de bêste man!) mar Petrus sei: *goud en zilver heb ik niet . . . . .*

BOKKE, (*him in 'e reden fallende.*)

Hwet is my dat foar 'n gedonder, lit Petrus mar bliuwe, elts hat genoach oan sin egen; 't jild kin my ek gjin wealich skele, dêrom bin ik hjir ek net komt. Ik hâld fen in goed libben witje, en dit gin ik in oar ek, dêrom ha'k de âldbaes al oer de acht snie's ayen en wit hofolle ljurre besorge, allegearre foar niks. Ik sids altid dêr mat mar hwet in, as jy mar sterk fen inhâlden binne, kin 't wol hwet lye; foar de rêt lit ik elts leauwe en tinke en dwaen, hwet er wol . . . . (HABENIKS *lûstert intwisken JAN hwet in 't ear en giet mei him troch de riuchterside fen 't toaniel, BOKKE siocht it en seit tsjin SIMEN*): Dy, dîvel Simen! dat stean 'k neat. (*Ut de hâlding fen JAN wie 't dûdlik, dat er dit just útlokje woe.*)

SIMEN, (*loerende.*)

Fy, Bokke, sokke fraeselike flokken . . . Hwet tink jo den seoe er Jan omkaepje wolle? (BOKKE *giet op 'e lûster.*)

BOKKE, (*gewichtich.*)

Ik hear neat. Hy is altid donderske (SIMEN *skod-hollet*) great mei d'âlte, dy snack, hy is Jandorie net ienris in 'e familje, dy Nullendrein!

SIMEN.

Och Bokke, wy matte dat oan 't lot oerlitte, dat

is riuchtfeardich en doch al foar as geboorte bepaald. Wy kinne der neat oan óf- of tadwaen. Ik bejammerje it allinne, dat immen as Jan, him op sokke gefaerlike dwaalwegen bringe lit en dêrom scil ik him sîn swakheid daelk efkes ûnder it each bringe. As jo nou mar hinne gingen Bokke, hwent it is bêst, dat formaningen ûnder fiouer eagen pleats ha.

BOKKE, (*fen siden: Den hij Jan op side krûpe.*)

Jo kinne om my ek wol hinne gean, den scil ik it him wol îndruye; ik haw ek yet wol sidzenskreft; tink er om, as ik oan 't thongerjen kom, dat se den wol krimp jaen wolle, dat swar ik jo!

SIMEN.

Ja, mar ik freas Bokke, dat jo ïn toorn reitsje scille en dêrby, ik stel sa sear gjin belang ïn de neilatenschap; it greate doel fen mîn stribjen ïn dit libben dat is: dwalende en afgedwaalde schapen tot de kudde terug te voeren!

BOKKE.

Allegearre goed en wol Simen, mar Jan dy bliuwt mar wei, ik kin der oars fen wirde, sa giet my sok ding troch de lea. Sa'n kerel fen nikks as dy earme swael fen in baron mei sîn poeha scoe mei

de bêste aep ôfgean, hwent der longert er op , it  
is om kûgels to wirden . . . . . (*hy dribbelt  
hinne en wer en lândet by de kast oan, huer 't er in  
flesse âtkryt mei drank.*) Ik trilje troch ieren en sinen,  
der mat hwet ïn of ik scoe er under beswike. (*hy  
set de flesse oan 'e hals, om 't er gjin romer fine kin.*)

SIMEN, (*oandien, tsjin de ein fry lâd.*)

O, freaslik, dat is it wirk fen 'e Satan ! Bokke,  
Bokke, as ik jo bidde mei, set del! Dat helske  
focht, o, lieave frede en gjin ein, dat is de kan-  
ker fen us maetskippy, dat bringt lêst en unrêst,  
skeel en twadracht, dat bringt sîkte en soargen,  
sonde en ungeriuchtigheid. Bokke, Bokke, hâldt  
op . . . ik mat mîn eagen afwende . . . (*hy  
draeit him om en slacht de hânden gear*) fôl wea en  
droevenisse . . . .

BOKKE, (*falt him in 'e reden.*)

Hâldt doch op mei sa'n gebear, 't is krekt of jy  
gek binne; 't gappet mear as 't bît, sa mei de  
flesse oan 'e hals en hwet scoe sa'n klokjen kleare,  
dêr bliuw jy de kearel by as 't er op oan komt, en  
bin jo hwet fen 'e wîse, den flikkert dat gûd jy  
daelk wer op. Sa'n heal fleske deisk seoe foar jo  
ek probatum iwêse mei jo wige droevenissen . . .  
(*Hy set de flesse wer oan 'e hals en seit tsjin SIMEN,  
wilst er efkes pausearret:*) Wol jo ek? Net of graech?

SIMEN, (*flucht op him ta.*)

O, jaen my Bokke, hâldt op! (*Hy nimt de flesse.*)  
 Nou mat ik wol fen dat helske forgif brûke, allinne  
 út lieafde foar mân neiste, allinne om jo foar greater  
 únk to bewarjen, it is doch freaselik, in sokke  
 droeve noodzakelikheden to kommen en it  
 kwea hildigje to matten. Net mân wille geschiede,  
 o, nè . . . . (*Hy drinkt de flesse leech.*)

BOKKE, (*koart.*)

Mines to minsten net, mar ik sioch mei dat en  
 al wol, dat jy er sa fy net fen binne as 't wol  
 liket, om 'e dîvel net; dy 't er sa'n ófgrîslik ge-  
 sicht fen luke, bin' der faek thige sly nei, as se de  
 kat mar in 't tsiuster knipe kinne, (*hy siocht nei de*  
*ândoar*) mar ik strik er op óf; dy Nullendrein komt  
 net werom, ik scil him siean to finen, en ik swar  
 't jo Simen, (*hy stekt de fûst op*) dat er sîn man  
 fine scil oan my! Jy matte 't mar mei Jan redde.  
 Pas op hear! (*fen siden*) mar ik scil him earst wol  
 to pakken nimme!

BOKKE óf.

SIMEN, (*skodholjende en hiel droevich*  
*en forslein.*)

Hwet scil de ein wêse fen sok in sondich minsk-  
 dom? (*Hy begjint to siongen.*)

(Wise: *De wereld is in rep en roer.*)

Forflean is 't fromme froede áld,  
Lík as in stien sa sinkt de wráld;  
    Ho seil it minskdom keare?  
Dat siongt en laket dei oan dei  
En spot sels mei ús droef geklei;  
    Hwer bliuwt de suvre leare?  
  
Hwet jowt min mear om domeny,  
Om tsjerke, godstsjinst, prekery,  
    Om deugd en goede seden!  
In kroegen wirdt it heil nou socht,  
Der alles mar ta'n offier brocht,  
    O droef, forskriklik heden!

#### 9e TOANIEL.

JAN en SIMEN.

JAN (*in 't opkommen,*)

Oeh, Simen, swy mei sa'n geklei,  
Sinkt skielk de wráld in 't boase wei,  
    Den mat er kearels komme,  
Dy net troch suchtsjen, mar troch dwaen,  
It spil wer nye fearkreft jaen,  
    Kom Simen út 'e slomme!

SIMEN.

Dat is dat, Jan, elts siongt op sín wíse, mar  
dêrom kinne wy yet wol efkes praete, hwer 't ik al

op wachte ha, hwent dou moaste witte, dat Dokter my sa ungenirken to forstean jown hat, dat de ta-stând fen Omke bedenkelik wirdt. Hy scoe him to minsten oanriede om yet disse jûnd sîn beskikkingen to meitsjen. Dou witste allike goed as ik ho 't lând leit en dat de neilatenschap, dy stellich fen beteekenisse is, egentlik riuchtens fordield wirde mat under de neibesteanden, mar nou scoe ik in mân strîd tsjin 't kwea, minnelike graech wolle.....

JAN (*dy 't hiel ânforskillich mei de hânden  
in 'e bûse en de holle stîf fordel SIMEN  
oanheard hat.*)

dat jou it erfskip allinne kriegen, ja, just, begrepen,  
fjirder. . . .

SIMEN.

Ja, né, dat is hjir gjin doel en ek al. Min innerlike hertewinske scoe wêse, dat sokke Baältsjimmers as Habeniks en Bokke, útsluten waerden fen de neilatenschap, omdat hia unwaerdich binne derîn mei to dielen, en foaral ta har egen bêst, omdat hia troch it kaptael fen Omke yet fjirder ofdwaele scoene fen it goede paed en weisinke in in sé fen ungeriuchtichheid. O, Jan, as ik dêr goed inkom, den wirdt it my wea om 't herte, hwent ik bin ek ienkear dwalende west en djip ungelok-kich — mar sind er alhiel unforwacht in helder liocht

în my ontstoken is, haw ik in klear însioch krike  
 ûn folle dingen, dy 't foar mannichien tsiuster  
 blywe. Alles en alles, scoe 'k foar dy dwaen wolle  
 Jan, aste disse dei mei my stride woeste foar 't ge-  
 lok fen twa fen dîn meiminsken, en tsjin de sonde  
 ten disse wrâld.

JAN.

Jou geane foarût Simen, dat leauw ik, 't skînt dat  
 jou egenbelang hwet op 'e eftergrûnd rekket — ja,  
 jou politiek is goed, dat sids ik altid!

SIMEN.

Dat fetsje ik net, dat fen dy politiek Jan!

JAN.

Nou dat kin ek neat skele, 't seil jo dûdlik wêse,  
 dat we ûn ien skipke sitte, as ik jo sids, dat it  
 ek min doel en stribjen is om Bokke en de baron  
 foar greater kwea to bewarjen. Ik beloaf jyd êrfoar  
 scil ik dwaen hwet ik kin.

SIMEN (*froaliker.*)

Dat strielt my siker, ja, dat makket my it hert  
 forromme, dat wy elkoarren hwet better begjinne to  
 begripen, sa mat it ek ûn 't libben Jan, iendracht  
 makket macht.

## JAN.

Jy reitsje ek alhiel end' al út d' âlde dreun Si-men — in geastforwant of broeder scoe sidze alhiel fen 'e noat — mar ik mei 't hearre sa, sikerwier, hwent jy witte op gjin foatten en fiemen nei, ho freaslik as my de grîse oer de groue rint as jou mei jou eamelich geseamel goed oan 't glibberjen binne. 't Is net út to sprekk'en!

## SIMEN.

Dêr is 'n geast fen forgenoegen in my, ik strîd foar 't goede en nou sioch ik dêr jinsen de oerwinning, dy laket my ta en makket my blid. O, sids dou it yet ris oan Omke hwa 't ik bin, hwer 't ik foar libje en hwer 't ik nei stribje, o sids him dat yet ris in sîn lêste libbensjûnd, út namme fen my, sîn bloedforwant, dy 't sielsfolle fen him hâldt, mar jimmer troch de wrâld mei smaed is bejegene, ja it scil dy ho langer ho dûdlicher wirde, dat it de geast fen in froalik kristendom is, hwer 't ik foar strîd . . . .

## JAN.

'k Wit siker net, ho 't ik it mei jo ha Simen! As ik net better wiste scoe 'k swarre: jy ha in slok op, sa bütewenstige froalik bin jy. (SIMEN siocht him *angeloarich* en *hy Simen strak oan*.) Ja siker, stellich, wrachtich Simen! wier, ik mien it. (*Simen wol*

*hwet sidze.)* Née — it is sa net dat wit ik mar alto goed, jimme greatste fortsjinste leit just in jimme strîd tsjin Skiedam, mar dat er doch in 'e lêste heal-ûre in bekearing, né ik wol sidze in omkearing in jou binnenste pleats hâwn hat, dêr doarst ik mîn kop wol op forwedsje. As jy nou de âlde Simen ris wer warden wiene, 't kin wonder, sidze jy altid . .

SIMEN.

't Mei rinne sa wonder as 't rinne wol Jan, mîn geloave dat scil ik behâlte, dat haw ik net fen 'e minsken.

JAN.

Nou, dat kin wol, as jy de minsken der mar net mei bebibelje. Mei dat in al kin ik jo foarfest meidiele, dat er jünd om jo tocht wirde scil. Siker, Omke wit wol, hwa 't jy binne, mar dat hat er út beskiedenheid yet nea riucht blike litten. Hwet sids jy nou !

SIMEN.

O, Jan, ik hie 't sa nea tinke kinnen. (*Hy begjint dêrnei wer in 'e âlde dreun to kommen.*) O, greate goedheid! Wy sondige minsken, wy binne blin . . .

JAN (*him in 'e reden fallende.*)

Ho, ho, Simen, nou gjin âlde ky út 'e sleat

helje. (*Hy set him de hând fortrouwelik op 't skouder.*) Ik scoe jy riede nou stil hinne to gean. Geloaf mar oan de riuchtfeardichheid.

SIMEN (*by de doar.*)

Siker Jan, dat doch ik . . .

JAN.

Wel nou, den kinne jy er mar stellich op rekkenje, dat jimme allegearre lean nei wirken krye.

(*Simen ôf.*)

#### 10e TOANIEL

JAN en DOKTER.

DOKTER (*dy 't hastich opkomt.*)

Ik begon al haast ongeduldig te worde, mannetje, hoewel ik almachtig veel schik had in jullie discours; 'k moet zegge, dat je den saaien zemelaar direct al aardig hebt beet genome.

JAN.

Ik wist dokter, dat er Bokke mei holpen hie om 'e drankflesse mei leech to meitsjen en dêr ha 'k him op traktearre! (*Hia binne nei de kast gien, hwer 't Jan de lege flesse sian lit.*) Siouch jy wol, 'k wol leauwe, dat er mear as heal fôl wie en nou is er gjin drip mear ïn. O, dy snaken, hia nimme hwet los en fêst is, krekt as 't hijir allegearre harres

al is. 't Let de kaptein wol net, mar 't hat doch skik of roai, dat sids ik.

DOKTER.

Je moet het maar van de familie hebbe, zegt m'n vaak en daar is waarachtig veel van an. Nu, 't lieve leventje loopt nu gauw op 'n end. De ouwe heer is met het ontwerp zeer kontent en wij hebbe same de schatkist reeds voor 'n deel gevuld. Mij dacht, dat we die same maar direct ginge transporteere, dan ga ik zoo meteen het driemanschap in kennis stelle, dat de toestand van den patient van dien aard is, dat ze hier van avond tien ure present moete zijn.

JAN (*thige froalik.*)

Akkoart, Dokter! „Min hert dat is sa licht, in goesepлом kin 't tille”, scoe Gisbert Japix sidze, as er ïn nîn skoannen stie.

*Hia geane hinne en komme ringen siongende mei  
de kiste wer op it toaniel.*

Wise: *Als iemand verre reizen doet.*

Deez' kist is vol geheimenis,  
Gevuld met medicijnen:  
Voor 't klaverblad probatum wis,  
Dat struks hier zal verschijnen,  
Want dan klinkt het loon naar werken (3 maal)  
zoo als 't moet:  
De pillen fraai verguld zijn bitter als roet!

Hij die zich immer voor laat staan  
 Op zijn geloof en daden,  
 Of op zijn naam en afkomst roemt,  
 En andren gaat versmaeden,  
 En dan vleind gunsten bedelt, (3 maal) ja die zal,  
 Heden ondervinden »hoogmoed voor den val!»

## DOKTER.

En nu de ouwe heer nog even hier heen geleid  
 en dan zijn we gereed voor de ontvangst van de  
 heere Nullendrein en consorte.

*Koart dérnei komt minhear v. WATEREN  
 mei de poannemûlse op aan de hând  
 fen DOKTER op it toaniel, wîlst JAN  
 de pakesstoel draecht mei in soart  
 reistekken of skoudermantel, dy 't  
 er de âlde hear omhinget, nei 't disse  
 in 'e stoel pleats nomd hat. (v. W.  
 kin ek in chambercloak aan ha.)  
 De âld man is nedrich-deftich. 't Mat  
 uit alles blike, dat it in man fen  
 oansiean en underfining is.*

## 11e TOANIEL.

## DOKTER.

Zie zoo, ouwe heer! die reis hebben we er al  
 goed afgebracht; zit U zoo goed gemakkelijk?

## v. WATEREN.

O, ja, tankje minhear!

DOKTER (*Wilst er de lampe in bitsje  
leger draeit.*)

Wille we de lamp maar al vast 'n beetje naar  
benede doen; dat is voor veel dinge goed.

v. WATEREN.

Dat wie wol thige skoan ek foar my, Dokter!

JAN.

Wol ik Ruerd nou mar efkes beskie bringe?

DOKTER.

Wel zeker, dan zal ik de andere klante even gaan  
ophale en ze zoo'n beetje voorbereide op de rijke  
erfenis! 'k Zal ze maar voorhouwe, dat U 't mo-  
mentelijk verschrikkelijk in 't hoofd hebt en soms  
uitstelle doet, die bij wijle voor zinsverbijstering  
doen vreeze. — Vindt U dat goed, m'nheer v.  
Watere?

v. WATEREN.

Gean jimme gong mar; 't is jimme beide wol ta-  
betrouw'd hwet jim' sidze en swye matte. Ik beloaf  
jimme ek min bêst mei dwaen to scillen. As 't kin  
bliuw den foaral net to lang wei.

JAN (*al by de doar.*)

'k Bin der mei in wip wer, kaptein! hwent it is  
flak by de doar en Ruerd is by honk, dat wit ik.

DOKTER (*ek in 't hinnegean.*)

Mijn klante wete ook dat er onweêr an de lucht is en zulle wel niet van huis zijn gegaan, zoo wijs heb ik ze van daag al gemaakt. Tot straks.

(JAN en DOKTER ôf.)

v. WATEREN (*allinne.*)

As ik jimme disse jûnd mîn hiele libbensskiednis forhelje scoe, den kaem er gjin ein, jimme ha lik-wol al safolle oer my praeten heart, dat ik gjin freamdling mear bin. Elts wit al sahwet ho de foarke hjir in 'e stalle sit: ik mei wol sidze brîk en dêrom seil it ek ta in brîk ein komme matte. Ik bin wol hwet âld, om yette freamde dingen mei ât to heljen, dy 't my alear thige haegen, mar ik koe der net bêst alhiel fry fen. In minske wirdt sa âld net of de natuer fen sîn jonkheid bliuwt him altid min of mear by. — 'k Ha min libben lang in greate ôfkear hâwn fen bekflaeyers en moaipraeters, fen earmher-tige bidders en graetsprekkers, fen swetsers en jeneverdrinkers. En doch ha se my in 'e lêste tiden, sind ik net al te goed worden bin, it hûs swart rûn. Do 't se net om sidzen jaen woenen, ha 'k se swietsjesoan komme litten, om se letter it âlde mei it nye to beteljen. Jûnd seil de ôfrekkening wêse. O, dy jildsucht, dy dweepsucht, dy dranksucht, dy ear- en hearsksucht, hwa dêr tsjin stride mat, mei nacht en dei wol warber wêse, hwent it binne ûn-

deugden, dy 't allegearre gâns in neisleep hawwe.  
 Hia binne de pest fen ûs maetskippy. Boeren en  
 hândwirksliwe, sedemasters en riuchtshearen, kenin-  
 gen en ministers, ja oeral en in eltse stând giet  
 mannichien er aan mank. Hwer 't se wirtel sciette,  
 dêr roeye se ek faek it goede sied fen oaren ût en  
 bringe in bulte ûnrêst en fortriet in de skiene wrâld,  
 dy 't er îndied sa aerdich ûtsiocht. Us strîd disse  
 jûnd is in strid in 't lits en scil hoapje ik wier  
 meitsje hwet **VAN ALPHEN** seit:

Een vriend die mij mijn feilen toont,  
 Gestreng bestrafte en nooit verschoont,  
 Heeft op mijn hart een groot vermogen;  
 Maar 't laag gemoed dat altijd vleit,  
 Verdenk ik van baatzuchtigheid,  
 Ik kan ziju bijzijn niet gedoogen,  
 Die zelden prijst spreekt vriendentaal,  
 Die altijd vleit liegt menigmaal.

### 12e TOANIEL.

#### v. WATEREN en JAN.

Ruerd moast hem yet efkes forstrûpe en den scoe  
 er daelk komme . . . ; ik ha him mar net folle wiser  
 makke . . . mar jonge, nou ha 'k jou drankjes en  
 sa yette forjitten. (JAN ôf.)

#### v. WATEREN.

Dy jonge, der ha 'k in bulte mei op. Dy is nou  
 suwer altijd allike froalik en wit rûndom set op;

de liu sidze wol ris tsjin my: sa allinne in 'e wrâld  
lik as jo, dat scoe my min talikje, mar ik sids,  
altid mei 't each op Jan: wy binne togearre goede  
minsk'en en ha mear frede en nocht in 'e hûs, as  
mannich man en wif, dy 't elkoar tsjin 't sin trouwd  
hawwe of troch de âlden oan 'e oar keppele binne,  
lik as dat in 'e greate wrâld faek pleats het.

### I3e TOANIEL.

JAN (*mei de drankjes, dy 't er by  
v. Wateren op 'e tafel delset.*)

Dêr binne jou abrakadabra's, Kaptein! (*Hy  
hâldt in drankje foar 't liocht.*) Ek in bulte kole-  
kwintia!

Hwet is der yet in tsiusternis  
In ûs forliochte tîd;  
O drankjes fôl geheimenis,  
Op jimme ek past mîn liet.

In bult recepten leauw my wis,  
Dy skriwt me om zie dit! (*hy telt as foaren.*)  
It is in greate riedery,  
In bitsje is 't dat me wit.

Al leit in Dokter sels heal dea  
Gjin drankjes né, a, bah!  
Hy grîselt fen sîn hiele aptheek.  
Dat gûd (*hy hâldt in drankje omheech*) 't is al to  
(faek, la, la!

## VAN WATEREN.

Pas mar op jonkje, dat dokter dat net komt  
to hearren, den reitsje jimme makkers ôf.

JAN.

Hy mei 't hearre Kaptein; ik sprek in 't algemien en as 't wêse moast, scoe 'k wol oars hwet fortelle kinne.

## VAN WATEREN.

Dou haste wol in bulte lësen en dien en in bulte wijsheid fen hearren en sidzen, mar dêrom meiste sokke wittenskippelike liuwe as de Dokters sa mar net oer 'e hikkel helje.

JAN.

Wy libje in in tid fen foarûtgong en oeral heart me den ek de rop fen foarût, foarût, dat is sa, mar witje Kaptein, ho 't ik deroer tink, hear me den ris efkes aan:

Foarût, foarût! sa seit de wei,  
Sa ropt me in tsjerke en steat;  
Mar och! de borgerman dy sucht:  
Hwet wird' de lasten great!

Foarût, foarût! ropt mannich pear,  
Elts jier in litse er by;  
Mar och! de litse mage ropt:  
Sids pear! ho komt' mei my!

Foarút! ropt jiffrou Modeliocht,  
 In weelde, pronk en pracht;  
 Mar och! de moaye beugeltas,  
 Seit: jiffrou, hjir is 't nacht!

Foarút mei stoam en tillegraef,  
 Wei 't alde, alles ny!  
 Mar och! de man dy jeften bidt,  
 Sucht: 't fliucht ús al' foarby!

Foarút, jow Bachus, Venus ear,  
 To drink en dons' mar ta;  
 Mar och! de skrinkelman dy bliest:  
 »Net fjirder, hjir oan ta!

De dokters roppe ek mei „foarút!”  
 Mar och! ús binnespil dat 's wier;  
 Dér wit min wenich mear yet fen,  
 As hioed foar honderd jier!

JAN (*harket.*)

Dér is siker al ien oan 'e doar as ik it wol ha.  
*(hy giet hinne.)* Komoan, dér is ús boarman al,  
 kom hjir mar Ruerd!

14e TOANIEL.

JAN, RUERD en v. WATEREN.

v. WATEREN.

Gean dér mar sitten Ruerd; ho giet it by jo  
 thús?

RUERD (*wûlst er de pet ôfnimt  
en sitten giet.*)

Nou, dat skikt him hioed yet al Kaptein, ik scoe sidze, wy geane hwet foarût — mar fen sels it giet sunich, dy moaye dagen wîtje, dy scille hoapje wy hwet betterskip oanbringe, mar dy kinne yet lang op har wachtsje litte. — Ho giet it mei jo Kaptein, wint it hwet oan?

v. WATEREN.

Och, ik ha gjin kleyen, mar it wirket my sa in 'e holle, ik kin troch dy drokte sa dei oan dei om my hinne mar net ta rêst komme, dêrom ha 'k plan dêr foar goed in ein oan to meitsjen. Wy ha hjir sa'n freaseliken oanrin fen in stik of thrye liu, dy 't hwet mear fry miene to hawwen as riucht hinne, en om 't se net om sidzen jaen wolle en alle beskiedenheid ût it each forliese, scille se jûnd de fiûrproef 'ris trochstean; lik as jo neyer blike scil moasten wy jo dêr by brûke.

JAN (*dy 't efkes nei efteren wie.*)

Kaptein! dêr komt Dokter ek al mei sin Driemannschap oan.

v. WATEREN.

Skik jou nou mar in bâtsje efterût Ruerd en sioch er gjin niget oan, dat ik my earst hwet siker hâld, as ik îndied bin.

## 15e TOANIEL.

De foarigen, DOKTER en it KLAVERBLED.

(*It Klaverblêd giet droevich op 'e âld baes ta, dy 't er bleek ûtsiocht. — Hia bewise de patient litse tsjinsten: „as er wol fiûr hat”, freget ien, „as 't him ek oansiegt” seit in oar, en freget Jan, dy 't op in distansje stiet „as de doarren wol goed ta binne;” „laat mijnen de pols eens voele” seit Habeniks mei in thîge geleard gesicht, „as er wol maklik sit” wirdt er frege, towile in oar him de mantel hwet to riuchte hinget, ensfh.)*

DOKTER (*tsjin de Kaptein.*)

Daar zijn we al Kapitein, (*tsjin it Klaverblêd*) maar nu worde de vrinde verzocht, vooral niet te veel drukte te make; (*hy wist nei de holle*) daar is de patient zeer zwak. (*Hy giet dérnei op in distansje stean nei 't er Ruerd opmirken hat mei de warden : Zoo Ruerd ben jij daar ook ?*)

v. WATEREN (*mei in swak lûd en nou en den hoasjend.*)

Ik ha my út 'e sliepkeamer — hjir hinne bringe litten — om 't ik jimme — yet graech ris sian en sprekke woe — ik kin fiele dat mân kreften ôfnimme . . . .

BOKKE (*op sîn wise oandien.*)

Scoe 't den nou de forkearde wei op matte Omke?

SIMEN.

Dat is de goede wei Bokke, dy hoapje wy alle-gearre to gean, lokkich den dy jinge, dy sidze kin in sîn libben liefdadig west to hawwen.

HABENIKS.

Liefdadig, ja, dat is het juiste woord, ziet eens waarde vriend, m'n adellijk hارت heeft nog 'n kleine verkwikking voor U meêgebracht (*b. f. in pear oranjeappels of in bus mei jonge griente.*)

BOKKE.

Jonge ja, ik hie yet in pear ayen foar Omke in 'e bûse stitsen, dat is hwet nys, sa fier komt it hinne — wy ha to minsten mar ien hin mear aan 'e leg — expres foar Omke!

SIMEN (*set in fleske op 'e tafel.*)

Ik hie hwette hunich meinomd, en my tochte Omke, as jy der moarns en jûnds in aeileppeltsje tol fen namen, dat scoe jy wol thîge noflik wêse, om 't jy nachts net to folle sliep kîye en sa droech in 'e mûle binne, mei dat gedurich aan hoasjen; fint Dokter dat ek net?

## DOKTER.

Wel zeker! honig is 'n vriend van de borst,  
dat heeft de groote Boerhave van Leide ons al ge-  
leerd. En baat het niet, het schaadt ook niet!

## v. WATEREN.

Och, och, jimme oerlade my siker mei woldie-  
den; wês sa goed Jan, en sids har hwerom as hia  
hjir allegearre komt binne disse jānd. 't Is my  
sa freamd in 'e holle . . . .

## DOKTER.

Dat is wel goed, Jan het woord maar te late  
doen, want als ik u rade mag Kapitein, wil dan  
vooral niet meer spreke dan volstrekt noodig is.

(*It Klaverbléd wirdt froalicker oan 'e gesichten to  
siean en hat ût en troch al ris nei de kiste  
loerd.*)

JAN, (*mei in great stik pompier in 'e hând,  
dat er mei folle staesje ût 'e kiste krige hat.*)

Omke dy hat it fen 'e middei thige in 'e holle  
en nou hie dokter him oanrêd ien en oar fêst to  
stellen op it pompier en hwet beskikkingen to nim-  
men; hy is op jierren, it koe gau 'ris minder wirde,  
min kin 't net 'ris witte, en den wie 't bêst dat  
ien en oar foar 'enoar wie. (*It thryetal hat intwisk-  
ken al mommele fen „testemint!“*) Dit greate stik dat

ik h̄jir ha, is troch in riuchtsgelearde skreauwn,  
dēr komme jimme allegearre in foar en dat mat  
den ek troch jimme allegearre ûndertekene wirde  
foar 'twe fjirder geane. 't Is zeer liefdadig! (*Hia  
komme op Jan tasetten en gnuve er nysgierch in.*)  
Wacht mar, ik scil 't jim' wol efkes to foaren lēse.  
(*Hy begjint mei kreft to lēsen.*)

Wy ondergeteekenden, allen gedomicili-  
eerd, ensafoart, ensafoart, allegearre prokereurstael  
dy 't in gewoan kristenminskē doch net fetsje kin,  
dērom scil ik sa fry wēse dy mar oer to slaen,  
hwer it op oan komt is dit: (*tsjin Dokter.*) Jonge  
Dokter, dat koene jo wol efkes lēse, jy binne  
better op 'e hichte ten 'e boeketael as ik.

#### DOKTER.

Met alle genoegē, ik stel me van avond geheel  
disponibel voor de vrinde.

JAN (*hy wist Dokter huver 't er beginne mat.*)

Dēr sa'nne, Dokter!

DOKTER (*dy 't in bril opsette kin, as er dy  
net op hat, mei in deftich ûtsicht.*)

Art. 7. *Dat wij ons dientengevalge verbinden om  
aan Ruerd Teakes arbeider wonende te . . . . ,  
ten behoeve van diens wettige huisvrouwe Sioukje Jans  
met ingang van 1 Jan. 187 . jaarlijks eene som*

*van f 300 uit te keeren als lijfrente, en wel op de tijdpunten 1 Jan., 1 Mei en 1 Sept. van elk jaar telkens  $\frac{1}{3}$  van het bedrag te storten door de respectieve donateurs of contractanten in volgorde der onderteekening.*

*Art. 8. Ingeval een der onderteekenaars van dit contract, 't zij door achteruitgang van zaken of anderzins in omstandigheden mocht geraken niet aan zijne verplichtingen in art. 7 vermeld te kunnen voldoen, en zulks op wettige en overtuigende wijze kan constateeren, dan komen ook die verplichtingen of bezwaren ten laste van een of wel beide donateuren of contractanten, daartoe wel in staat zijnde.)*

DOKTER (*wilst er nei Ruerd siocht en Jan it stik wer fen him oankriget.*)

Dat is 'n verduiveld mooi stuk!

JAN (*tsjin it klaverblêd.*)

Dêr ha jimme nou it extract út it stik, dêr is wol aerdich hwet kalk en cemint om hinne metsele, dos jim' behoeve gjin sorch to hawwen, dat it net echt is. (*Hy forfolget hiel bedaerd.*) As jimme nou mar efkes de nammen dêr under setten den binne wy safolle fjirder. (*Jan tsjin alle thrye.*) Jimme hope, dat Omke in sin lêste libbenstid yet ris liefdadig wêse mochte lik as jimme tsjin oer him, is dos befêstige. (*Tsjin Simen op in preektoan.*) Ja Simen, it is al-

tid sin streven west oaren ta liefdadigheid  
op to wekken en aan te sporen!

(BOKKE, HABENIKS en SIMEN *gnîse allegearre  
allike taei, nimmen wol lieafst earst sîn  
namme sette en er wirdt b. f. frege: hwa  
de âldste is? e.s. f. hwernei Dokter  
infalt.*)

DOKTER.

Hebbe de heere de inhoud en strekking van het  
stuk niet goed begrepe?

HABENIKS (*wîlst er hinne giet to teekenjen.*)

O, ja, minhear Esculapius, 't was hier de vraag,  
wie de eer zou geniete van de eerste ondertekening.

JAN (*tsjin Habeniks wîlst er sîn namme  
sette scil.*)

Nou komt it op jou adelik hert oan!

SIMEN en BOKKE *op 'e side fen 'e forgrând tsjin  
elkoar, wîlst H. teekent.*

SIMEN (*mei ien foar 't publik.*)

Dyearme siel fen in Nullendrein hat er doch  
neat by to forspiljen. Dat is maklik teekenjen.

BOKKE.

Wol jy wol leauwe Simen, dat wy sîn part ek

yet op 'e kop krye. Hy wit him altid mar moai foar to dwaen!

#### HABENIKS.

Daar staat m'n naam! Ik vind het waarachtig een zeer edel doel, Kapitein, en ik gevoel me gedronge U hartelijk te komplimenteere met Uw gelukkig idee, om 'n hulpbehoevend gezin zoo voor altijd uit den nood te helpe. (*Hy jout de âld man de hând, dy 't sahwet knikkebollet en giet dérnei op RUERD ta, dy 't er gelok winsket, lucerop disse stilswyend betanket. Dêrop giet er nêst SIMEN op 'e side fen 'e foargrûnd stean, wîlst BOKKE oan 't skriuwen gien is, huet net riucht flotsje wol.*)

#### HABENIKS.

Ik geloof waarachtig Simensma, dat de dikke alweer beschonke is, en dat onder zulke omstandighede!

#### SIMEN.

As er sîn namme mar sette kin — ik bin freasende en bevende.

BOKKE (*mei de pinne in 'e hând.*)

Ik kin er ford . . . mîn namme net op krye, satrilje ik . . . . 't skint in familjekwael to wesen, hwent us pake hat er by sîn libben ek sa'n lêst fen hâwn.

SIMEN.

Scoe 't nou allinne foar my opkomme?

JAN (*tsjin SIMEN.*)

Hwet kin me al in treurige noodzakelik-heden komme!

BOKKE (*wilst er fry hastich opfliucht.*)

't Wirdt gekheid, hear! 't Skoddet my nou suwer allegearre — ik kin de boel wol forkwattelje en forbroddelje, mar den ha wy nog gjin namme . . . . (*Dérnei freget er op in toan fen immen dy 't in gelokkige fining hat.*) Scoe 't mei thrye krûskes net takinne? (*giet wer sitten in de feste hope op in ta-stimmend andert.*)

DOKTER.

Dat gaan niet op vrindje! het is 'n officieel stuk en daar zou'en de andere heere ook niet mee kontent weze.

SIMEN (*giet op BOKKE ta en stiârt him de hând.*)

Lit my jou helpe Bokke, de swakken to helpen, dat hat altid mîn streven west in dit libben.

JAN.

Krekt as ûs Kaptein!

BOKKE (*nei 't' de namme er sahwet opkomd  
is, earst tsjin SIMEN allinne en  
dérnei tsjin de oaren.*)

De omstandigheden witje, dy bringe yin ek fen  
'e wîse; stel jy ris foar, dat Omke, dy 't altid sa  
goed foar ûs wie, hjir skielk net mear wêse scil,  
dan mat it gefoel wol boppe komme; it is to minsten  
biesterbaerlik ho nei as my sok ding giet, ik bin  
er alhiel fen oerstiûr, hwent Omke koe nou suwer  
mar ite en drinke hwer 't er sin oan hie, mar dêr  
wirdt net nei frege, as 't safier is . . . .

DOKTER.

Ja, Bollebein, U lijkt wel iemand te weze van  
een erg zenuwachtig gestel, en op 'e zenuwe daar  
komt het tegenswoordig op an.

JAN.

Alle dikkens is gjin deugd, Bokke! dêr kin jy  
ek mar op oan. — (*tsjin SIMEN, dy 't underwilen  
sitten gien is om to teekenjen.*)

Lit it liocht, dat er in jo ontstoken is, nou  
mar ris helder skine, set mei in bly gemoed jou  
namme en bring (*hy wist op RUERD*) it afgewealde  
schaap ta de kudde!

HABENIKS (*tsjin BOKKE op 'e foargrûnd.*)

Onze beproeving zal zeker heerlijk beloond worde!

## BOKKE.

Wel, wisse, de saken steane goed, (*hy wist nei de kiste*) mar hwer moast it oars ek hinne!

JAN (*dy 't stik aan Ruerd jout, nei dat Simen ek teekene hat.*)

Nou kinne jy dy goede minsken skielk it nyjier mar ofwinne Ruerd, sioch mar dat jy hwet moaye winsken klear krye, as se mar rime, den kin 't wol hwet lye!

DOKTER (*wilst Jan nei de kiste giet en dêr in tsjokke pong mei jild úthellet.*)

Gaat dat hier zoo !!!

JAN (*tsjin Ruerd mei de pong in 'e hând.*)

En hjir bêste brave boarman ha 'k yet in moaye beljeanning foar jou trou en iwer om earlik troch 'e tîd to kommen, dy 't jo safolle lêst en sorgen brocht. Dêr kinne jy nou mar daelk mei begjinne; keapje er foar hwet jo en jou hûsgesin nedich binne; smît it net wei, lik as mannichien dy 't fen neat ta eat komt, mar wês er ek net to sunich by, sa 't me dat fen rike giergerts siocht, dy 't in al har oerfloed yette gebrek lye. 't Is mar kåld jild, mar 't komt út in waerm hert. Wol dat jimmer op pr's stelle. Mar al to faek wirde de fortsjinsten fen de mindere man oer 'e holle sioen en trochgeande

allinne de dieden fen 'e generaels ek in 't borgerlik libben prise en beljeanne, ek al ha se neat mear dien as har plicht, lik as jo ek.

DOKTER.

Wel gefiliciteerd hoor, dat zijn buitenkansjes zoo als ze op z'n allermooist éénmaal in 'n menscheleve kunne voorkome.

Ruerd, (*uit 'e skroeven earst tsjin de Kaptein. It thryetal is heal forslein, en doch yet fôl blide forwachting.*)

It wit siker net ho 't ik it ha. Tûsendkear tank bêste hear! Och, och, hwet fint men hjir doch in goede minsken. Ja, as de need op 't heechst is, den komt er útkomst, hwent it is wier, dat wy in 'e lêste wiken wol 'ris gebrek lyt hawwe, mar wy ha gedild hâwn, us bêst dien en jimmer in stilte hope op better; dy hope joech us moed, mar nea, nea, hie 'k tinke kinnen, yet ris rik to wirden. Sa-folle jild! Hwet scille Sioukje en de bern dêr freamd tsjin opsiean! As hia siker mar leauwe wolle, dat ik er earlik oankomd bin. En den alle jierren yette 300 gûne fêst inkommen!! Ik beloaf, ik winskje, ik betankje. . . .

v. WATEREN (*Tsjin Ruerd in it hinnegean.*)

Swy dêr fen stil brave boarman, ik hâld net fen plichtplegingen en beloften. Min winsket altid mear

as min jaen kin en sa is 't mei beloaven ek mar al to faek. Ik bin de man fen dwaen, ienfaldich dwaen, en dêrmei wei (*Ruerd òf.*) As neef Simen, nou mar efkes hjir by my kaem en de beide oare erfgenamen (*Jan fen siden erfgenamen!*) in de binnekeamer gîngen, oanstânds scil ik har wer roppe litte; by in fordieling lik as hjir, tsjinnet de iene net presies alles fen de oare to witten.

BOKKE (*wîlst er hinne giet mei Habeniks.*)

Dat is wol thîge bêst Omke, hwent oars koe dêr ek yet ris kribbekeurighied út foartkomme.

#### DOKTER.

Zeer juist, beste vrint, en zoo iets zou de ouwe heer geheel van streek kunne brenge.

#### HABENIKS.

Ik zou mij zelfs heel gaarne absenteere, al was het enkel om m'n vriend genoeg te doen.

(*Beide òf.*)

#### v. WATEREN.

Dêr in dy kiste neef, der ha'k sind lange jierren skatten forborgen hâlden, dy 't jimme unbekend wieren en dy 't ik, as ik hjir weireisgje mat, oan nimmen oars tabetrouwe scoe, as oan jo. (Simen *laket hiel blier wîlst er op 'e kiste siocbt*).

Dy mannen dêr (*hy wîst nei de oare keamer*), binne unwaerdich sokke skatten to besitten.

Mar hwet ik jo nou riede en bidde mei bêste neef,  
 forhef jo net op it besit fen dy kostbaerheden  
 hwer 't de waerde ïn goud net fen to berekkenjen  
 is. Bliuw nedrich en beskieden ried ik jo en lids  
 se net foar de minsken to pronk. En och, as ik  
 den sa ris oan 't tinken en neitinken kom oer jou  
 froegere libbensrin en jou jonkheid, hwa 't jy do  
 wieren en hwa 't jy nou binne, den dûke dêr ut  
 dat forliden bielden op foar mîn geast . . . . .  
*(hy hoastet en liket wol to dwiljen.)*

JAN (*wilst er nei sîn egen holle wîst, mei  
 't each op 'e Kaptein.*)

Dat giet dêr net goed mannen! As wy de saek  
 mar forfolgen Dokter! *(hy wist nei de kiste.)*

#### DOKTER.

Jij hebt de sleutels niet waar?

SIMEN (*tsjin Jan en Dokter.*)

Dat komt my wol raadzaam voor, den scil ik  
 towile de âld man wol hwet delbêdsje en treaste.

*(tsjin Omke.)*

Och, bêste, Omke! jou goedheid dy kin gjin  
 palen, jimmer scil ik mei in tankber herte oan  
 jo tinke en bidde foar jou behâld. Ik fiel ho formoeyend jo it sprekken falle mat om 't jy it herte

sa fôl is fen lieafde foar jou earme meiminsken.  
 Lokkich dat jy in Jan in steun fine, dêr 't jy op  
 boue en troue kinne, ja, dat is in beskik-  
 king sids ik wol faek, hwent hwer fine jy in us  
 boaze tid yet tsjinstboden, dy 't binne sa 't se hearre  
 to wesen.

JAN (*tsjin Dokter, dy 't mei him in 'e kiste  
 hvet rûnd sioen hat, wilst er him in pak  
 uit 'e kiste oerjout.*)

Och, Dokter, as 't nou net to folle ferge is, den  
 scoe 'k minnelike graech siean, dat jy nog efkes  
 hwet foarlëse woene, jy kin 't moayer en better as  
 ik, dat wol 'k wol earlik bekenne.

DOKTER (*mei 't pakket boeken in 'e hånd  
 hwer 't in moaye bând omhinne sit,  
 hwer hvet opskreawn stiet.*)

Als 't maar geen Friesch is — (*hy digert nei  
 't skrift*) neen, dat zal wel gaan. Luister maar.  
*(hy lëst.)*

*Deze uitgezochte leerredenen van de meest zalkende  
 schrijvers der voorgaande eeuwen zijn expresselijk bij-  
 eenverzameld voor mijn zeer vroomen en liefdadigen  
 neef Simen Ozoofein, die de schatten daarin verborg-  
 gen verre stelt boven het nietige slyk der aarde dat  
 men goud geliefd te noemen.*

DOKTER (*wilst er it pakket wer aan Jan jout.*)  
 Een zeer eigenaardig en toepas'lijk geschenk!

JAN (*dy it aan Simen jout.*)

Dat scil ïn jou smaek falle!

(*Dêrop kryt er greater pakket uit 'e kiste en jout dat wer aan Dokter.*)

DOKTER (*lëst.*)

*Deze werken van Brakel, van Smytegeld en van Flavius Josephus, behoorende tot mijnen boedel en met veel moeite en opoffering bijeenverzameld, zullen een zeer waardigen lezer vinden, in mijn zeer eerbiedwaardige neef Simen Ozoofein, weshalve ze hem worden vermaakt, onder erkentenis voor zijne groote verdiensten als schriftgeleerde.*

DOKTER (*as foaren.*)

Dat kan zoo een prachtige verzameling worde!

JAN.

Dat 's wat moais Simen, der fint immen treast  
ïn foar al sijn swakheden!

(*Hy kryt huer in pakket as foaren en Dokter lëst.*)

*Deze geschriften van IJntsje Jans en andere groote profeten, overvloeiende van miraculeuze voorspellingen en wonderverhalen zullen alleen door mijn zeer belezen neef Simen Ozoofein naar verdienste geschat kunnen worden en mede in staat zijn zijn levensgeluk tot den einde toe te verhoogen.*

DOKTER (*wilst er Jan it pakket  
wer oerjout.*)

Zoo 'n compleete collectie is wel 'n zeldzaamheid!

JAN (*wilst er Simen it lîstste pakket  
oerjout.*)

As Omke jou forstjinsten ek beljeannet, tûsend-  
kear ha 'k him sein hwa 't jy wieren en hwet *edele*  
grûnden as er in jo stiken.

#### v. WATEREN.

Binne dat gjin waerdige geskinken Neef? Hie  
'k dy aan immen better tabetroue kinnen as aan  
jo? Mar ik ha mear antieke stikken ek út freamde  
lânden foar jo meibrocht, sa as jo blike scil.

SIMEN (*heal in him sels.*)

It is my in riedsel hwet min eagen oanskouwe;  
ik ha gjin wirden om min gefoel út to sprekkens.

(JAN *kryt nou in great pak út 'e kiste,*  
*Dokter dy helpt him om it los to meitsjen*  
*en it earste hwet dêrût to forskin*  
*komt, is in freamde steek of hoed, den*  
*in wite stropdas of doek en op 't lêst*  
*in lekkenske wrak fen âlderwetsk modèl.*  
*(Fint min it better him huet oars op*  
*to tugen ek bêst, as min mar sorget,*  
*dat Simen in in soart „preker“ foroare*

*wirdt.) Under it útpakken wei kinne Jan en Dokter wol in wirdke praete en Simen kin healforslein de antieke stikken in eagenskou nimme.)*

JAN (*mei klim.*)

Dêr lidze nou, eale strider tsjin 't kwea fen disse wrâld, in mannich oantinkens foar jo, ôfkomstich fen in sindeling op Bornéo, dy 't in sin iwer troch de heidens — dy 't er hjir oars ek wol fine kinnen hie — in holle litser makke is; Omke mient oan nimmen better as oan jo dy relekwieën tabetrouwe to kinnen, omdat er hopet, dat ek jo in jou iwer foart behâld fen jou meiminsken ienkear bûtenlânds trekke meye (*hiel bedaerd.*) As jy se mar efkes passe woenen, Simen! (*Simen slacht de hânden in elkoar.*)

OMKE (*forhûge.*)

O, ja, bêste neef Simen, it hat altid min begearte west jo mei jou bûtenwenstige gaven ienkear in jou fôlle hearlikheid oanskouwe to meyen.

(*Dokter en Jan stekke nou Simen in 't pak fen 'e sindeling.*)

JAN (*earnstich wîlst Simen in bîtsje tsjinstriibbet.*)

It is Omke sin begearte Simen, ik seoe jo riede gjin ungenoegen op to wekken.

DOKTER (*efkes letter.*)

Ik zou je ernstig aanrade, geen tegenweer te doen, 't is eenmaal het verlange van den ouwe heer. Zoo zijn ouwe mensche, 't positief weet je (*hy wist nei de holle*) — maar eind goed, al goed.

JAN (*as Simen klear is.*)

Nou kinne dy heidens jo foart as jy dêr oan 'e wâl stappe Simen; jy kin den op slach mar beginne, hwent ik wol leauwe dat jy er in ienen thûs binne.

## DOKTER.

De kleêre make den man, dat is en blijft toch maar eeuwig waar.

SIMEN (*forslein.*)

Ik scil gedildich drage, hwet my to dragen jown wirdt, mar hwet ik disse jûnd tinke mat fen al dy freamdichheden, en hwet de ein wirde scil, fen disse beproevinge, ik stean machteloos!

## v. WATEREN.

Disse jûnd, bêste neef! scil allicht yet in lokkige takomst foar jy untslute!

HABENIKS (*dy troch Jan of Dokter helle is, by de doar stean bliuwt en biuster freamde eagen opslacht as er Simen siocht, dy 't rislewaesje makket om hinne to gean.*)

Wel fameus, is dat Ozoofein? Zou hij in groot pontificaal 'n laatste troostwoord hebbe gesproke? (*Simen scil hinne gean.*) Blijf om mijnen wil, offerende menschenvriend, als uw oom de Kapitein er mede kontent is. Ik heb niets tegen uwe presentie.

#### v. WATEREN.

O ja, bêste neef, bliuw den in ús midden en gean dêr stean (*hy wist nei de iene side fen de foargrând*), den kin minhear Habeniks hjir by my komme.

DOKTER (*tsjin Habeniks en Simen.*)

Ja ziet U, 't was maar een maatregel van voorzorg enkel met het oog op Bollebein, die alles aan de groote klok hangt.

#### v. WATEREN.

O bêste en adelike friënd baron Habeniks van Nullendrein, ik wit jou adelik bloed is to eal om foar goud to búgen, jy stelle de adel sels boppe it libben, jy likje de ridders dy 't in 'e krûstochten nei 't heilige lând, de swakke pelgrims, frouliu en

bern beskermen tsjinoer rou geweld fen Turken en Sarrecenen, jo op to offerjen in de strid foar 't heil fen jou meiminsken; of de heitegründ mei 't swird to fordedigjen tsjin freamde oerhearskers, allinne om jins namme in 'e skiednis to foriwichjen en aan jou neigeslacht nye earekrūssen toane to kinnen, dat scoe jou fūrichste winske, jou heechste lok wēse.

## JAN.

Ik ha't de âldbaes allegearre goed útlein !

## v. WATEREN.

Ja , dat wit ik en dêrom, o , eale friûnd ! scil Jan min kiste ek foar jo úntslute om jo út namme fen my , skatten ta to betrouwien, dy troch nimmen better op pris steld wirde scille as just troch jo en dy 't in wierheid jou greatme ljeanje.

JAN (*dy 't de kiste úntslât, er efkes in om  
digert en er dérnei in great pak  
úthellet, dat Dokter mei losknoapet  
en hiverût to forskîn komt, in op-  
sichtelik uniformpak, dat gâns for-  
toaning makket.*)

It is de Kaptein sîn hertewinske , jo ienkear siean to meyen in al jou kreft en mayesteit; tsjoch dêrom disse romroftige uniform oan, dy 't er mei mear oare

antikwiteiten út de easterske länden meinomd hat  
en dy 't jo indied in keninklik oansiean jaen scille.

HABENIKS (*wilst er mei bihelp fen Dokter  
it pak oandocht.*)

Inderdaad een vorstelijk tenue; heel gaarne doe  
ik m'n boezemvriend dat genoege, want ik stel,  
dat 'ook m'n voorvadere zoo ongeveer gekleed zijn  
geweest, wanneer ze als aanvoerders ten strijde trokke!

DOKTER (*fôl forwondering tsjin Habeniks,  
dy 't er wist op it greate swird,  
dat Jan u<sup>t</sup> 'e kiste helle hat en  
him oerjaen scil.*)

Daar komt nog anders wat kijke!

JAN.

En hjir ha jy nou yet it swird fen Alexander  
de greate, dat de Kaptein út Babylon meibrocht  
hat; it wapen fen sa'n fiere held past in de  
adelike hând fen in man as jo. Foar 't jy nei Atjin  
ðfreisgje — hwer 't ik sa'n innige hope op ha en  
hwer 't sokke liu earst riucht to plak binne, — kinne  
jo dêrmei fiuchtsje tsjin 't kwea fen 'e wrâld, — en  
as jy dat mei helpe út to roegjen, (*hy nimt in 't  
praeten wei in doaske út 'e kiste*) net allinne in wir-  
den mar ek in dieden, hingje den disse thrye eare-  
krûssen op jou nommiele boarst; — dy krûssen ha

greater waerde en mear beteekenisse as dy fen 'e tsiendeiske fjildtocht en folle oare linten , strikken, titels en wapens ! It earste is yet it krûs fen de heilige Laurentius: „nederigheid” — der ha jy it wapen fen de riuchtfeardige Aristides fen Grieckenlând „eerlijkheid” en hjir it earekrûs fen Socrates „wijshed.”

(*Dy krûssen of wapens kinne wol fen boardpompier makke en beskildere of beskreauen wirde , al nei 't min it best fint.*)

#### v. WATEREN.

O adelike friënd van Habeniks , hâld jimmer dy krûssen in waerde , hia binne fier fen algemien ; stribje nei witnis en forstân , bliuw trou en earlik in al jou dwaen en boppe-al nedrich en ienfâldich , al wirde jou in wierheid in man in rang en steat sa great , as jy dat nou likje to wêsen . . .

#### HABENIKS.

Ik hoop , m'nheer en vriend van Watere , dat Uwe grootsche verwachtinge omtrent mijn persoon niet beschaamd zulle uitkome. Het zwaard in deze vuist zal wonderen verrichte , (*hy stelt him in folle postuer*) zoo ooit de eer van 't vaderland in gevaar mocht kome.

#### DOKTER.

Wat zal vriend Bollebein vreemd opkijke !

(Jan hat Bokke intwisken helle, dy  
 't by de doar riucht op en del  
 stean bliuwt en by gjin mûlkheid  
 begripe kin, hwet Simen en de  
 Baron foar kinsten áthelje.)

BOKKE.

Hwet binne my dat foar kluchten! Simen de  
 Toovenaar nêst Garibaldi, it is den biesterbaerlike  
 freamnd, om sa'n wird to sidzen . . . .

v. WATEREN.

Jy doare hjir wol komme, net Bokke?

BOKKE (*dy 't op Omke tagiet.*)

O ja, Omke! mar it skeat my by 't inkommen  
 sa in 'e foatten. Ik bin yette sa oandien, witje . . .

JAN (*nêst Dokter op 'e foargrând fen  
 siden.*)

Ik woe Bokke yet wol ris siean, dat er net oandien  
 wie!

DOKTER (*towile er wist op Simen, dy 't  
 er oan 'e oare side fen 't toa-  
 niel yet altid unbewegelik hinne  
 stiet mei in biustere lange  
 throanje en de eagen stîf om  
 hegen; Habeniks stiet koart by  
 him.*)

Daar heb je de schildwacht naast zijn hoogste  
 supérieur. Prachtige combinatie!

JAN (*as foaren.*)

Simen dy hat wol hwet fen in zoutpilaar.  
 Mei al sîn kwea, dat er op 'e lea hat, kin er dêr  
 bêst ris stean bliuwe.

HABENIKS (*tsjin Simen.*)

Nog altijd onder den indruk der omstandighede?  
 (Simen skodhollet.) Met zoo'n teergevoeligheid zou  
 het er in den krijgsmansstand slecht uitzien, vooral  
 als je moest commandeere. (*Efkes letter, mar Simen  
 forroert him net.*) Moed houwe Simensma; wij hebbe  
 het einde nog niet.

(*Boppesteande petearen, allinne foar  
 't publiek, kinne hvet earder of  
 letter pleats ha, al nei 't min dat  
 bêst oardielt; de headpersoanen  
 Bokke en v. Wateren ha dêr neat  
 mei to meitsjen en geane har gong;  
 om efkes tîd to winnen kin de  
 lêste aan Bokke ek in brief of sa  
 to lêsden jaen.*)

## v. WATEREN.

Ek jo, o Bokke, trouwe sîketreaster en mildiedige  
 woldwaender, ek jo wol ik net nei jou wirden, mar  
 nei jou dieden beljeanje; jou belangstelling in my  
 wie great, mar min belangstelling in jo dy scil yet

greater wêse, — ik forsikje jo dêrom efkes in min stoel  
pleats nimme to wollen. (*De âld man stiet op, Bokke  
giet heal forslein in 'e pakestoel sitten, Habeniks en  
sels Simen siocht mei belangstelling dy wijseling oan;*  
v. Wateren hat sîn mantel ôfdien en dy Bokke om  
'e lea hinge; hy nimt ek sîn poannemûtse en set dy  
sîn neef op 'e holle, sadat disse in deadsk ûtsiean  
kryt; Jan hat únderwile ien of mear greate flessen  
ât 'e kiste nomd en foar Bokke op 'e tafel delset,  
hwer mei greate letters op to lêsden stiet

SCHIEDAM, VERGIFT, DOOD, VERDERF,  
*of oare tapaslike wirden.)*

v. WATEREN (*mei kreft.*)

My tinkt de troue oanbidder fen Skiedam, dy  
't him dei oan dei dêroan to bûten giet (*hy wist  
nei de flessen*) en sa it heechste libbenslok ek fen  
sin neibesteanden forwoestet, dy past sok in deksel  
op sîn rûsige holle, hwer 't er mei nei 't tsiustere  
grêf dommelt, net oars neilittende as skande, ear-  
moede en fortriet.

(Bokke alhiel beteutere, doart kik  
of mik sidze; Habeniks, dy 't  
yet net riucht skînde to witten  
hwa 't er dea wie en dos yet fôl  
goede hope wie, siocht nou ek  
allike betommele as sîn lotgenoaten  
of kin ek in hâlding oannimme  
krekt as er ûtfarre scil.)

(*tsjin allegearre.*)

En ik, bêste friânden en forwanten, ik wie sa sik net as 't wol skinde, ik ha jimme allegearre ris op 'e proeve set, hwa 't jimme wol wieren, net allinne in wirden mar ek in dieden en ik ha dit beslût fêststeld, dat as jimme in jim' fjirder libben de lessen en formoanningen jimme disse jûnd in underskiedene formen joun, goed in acht nimme en trou opfolgje wolle, den scil jim' as afgedwaalde schapen wer ta de kudde rekkene wirde en ienkear as my de kreftten ûntfalle, foar jimme libben lang wol besorge wirde, hwent om nou ek mar alles to sidzen hwet my op 't herte leit, kin 'k jimme sonder greatspraek meidiele, dat min besittingen ek in Eastinje fen greater omfang binne as jimme miene en dy allegearre scille ienkear greatendiels jimme eindom wirde, krekt nei de miette fen jimme deugden en fortsjinsten, towile ik boppedien it beswier fen 'e f 300.—, dy 't jimme jierliks aan min boarman Ruerd útkeare matte, allicht foar min reckening nimme scil. Geloaf jimmer aan in riuchfeardigheid, stridt steas mei alle earlike wapens tsjin 't kwea fen disse wrâld en boppenal tsjin 't kwea, dat Skiedam ús brouwt.

SIMEN.

Ja, Omke! it is wier dat min tekoartkomin-gen ek tsjin oer jo vele west binne, mar dat ik

dêrom oan sa'n grote smaad bleat stean moaste,  
lik as hjur disse jund, dat hie 'k nea tinke kinnen.

v. WATEREN.

Harkje ris, neef Simen, alles hwet hjur jund foar-fallen is, dat bliwt foar altid onder us, dêr kinne  
jy fêst op oan; mocht it mar ta betterskip tsjinje  
fen us allegear, in dy sin dat us waerde as minsk  
er troch forhege wirdt.

HABENIKS (*wilst er v. Wateren de hand  
jout.*)

Ik wensch m'n heilig voorneme om steeds naar  
die verhooging te streve met m'n handdruk te  
bevestige.

JAN (*fen siden.*)

Nog altid op 'e forkearde poalshichte.

v. WATEREN.

Arbeid adelt, minhear v. Habeniks, as jy  
ienkear ta rikdom en wolfeart komme meye, forjit  
den dy gouden spreuke net, lik as safolle greaten  
fen us tid, hwent den scil de wirkman ut it lie-  
men hutsje jo net allinne achtsje en eare, mar sels  
foar jo in it fiür gean as de need oan de man komt.

BOKKE.

Ik bin as skildige strافت Omke, dat fiel ik en scil  
den foartoan ek min bêst dwaen my sels te oer-  
winnen om sa fen slaef wer in fry man to worden.

## v. WATEREN.

Dat docht my goed neef Bokke, dy rûnde warden  
fen jo to hearren, hâld moed in de swiere strid dy  
't jo wachtet, in de oerwinning sels scil jy al in  
greate beljeanning fine.

SIMEN (*wilst er nei v. Wateren giet.*)

Ik wol it skeel ek bylidze Omke en alles forjittie  
en forjaen, min dieden scille den hoapje ik foart-  
aan ek in oerienstimming wêse mei min warden.

## v. WATEREN.

Den scille jy heechachte wirde, neef Simen! net  
allinne troch my mar troch de hiele maetskippy,  
dy sonder de geast fen 't kristendom in kåld ûtsiean  
ha moast, ja licht onderst boppe keard wirde scoe  
troch it materialisme fen disse ieuw.

## DOKTER.

Zoo komt na regen Zonneschijn,  
Na duisternis weer licht,  
De waarheid overwint den schijn,  
En droefheid zal weer vreugde zijn,  
Doe ieder trouw z'n plicht!

JAN (*dy 't in mannich briefkes ût  
'e bûse krike hat en oan elts  
fen 't selskip der ienfen jout.*)

Dêr ha jimme min slotwird, dat mat songen wirde,

fäl dêrom mar efkes mei in, de ein scil den harmonie wêse.

*Wise fen in hiel bekend skoallesankje.*

Lit us friûden allegear  
 Nou as friûden fûskje,  
 Dwaen as troue sibben  
 Sa 't beheart ïn 't libben.  
 Kom slute wy de iendrachtsbând  
 En drukke wy elkoar de hând;  
 Den libje wy wer bly, bly, bly,  
 Den libje wy wer bly.

As me elkoar de wierheid seit  
 Dat 's faek hird to hearren,  
 Mar is 't kwea wer buten  
 En de skeel wer sluten,  
 Den drukke wy elkoar de hând  
 En slute in fester friundebând;  
 Den libje wy wer bly, bly, bly,  
 Den libje wy wer bly.

*(In 't siongen wei ha se elkoar de hând jown  
 en ien of wol beide ferskes kinne herhelle  
 wirde.)*

**It Gordîn falt.**

 Wol min it stik in *twa* bidriuwen spîlje, den kin foar  
 de earste útkomste it gordîn falle nei 't siongen fen Jan  
 en Dokter op side 43 of mi in litse wiaging efkes earder of letter,  
 b. f. foart nei 't sidzen fen Jan: . . scoe Gîsbert Japix sidze  
 as er in min skoannen stie, en in dat gefal sels in hiele  
 foroaring fen toaniel pleats hawwe kinne, as min dêr belang in stelt.